





## **It djippe wêzen fan de Friezen om utens**

Utjefte by gelegenheid fan it 100-jierrich bestean fan It Frysk Boun om Utens

## Kolofon

ISBN: 978 94 6365 562 0

1e printinge 2023

© 2023, Hâns Dijk, Boadegraven

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

Dit boek is skreaun by gelegenheid fan it 100-jierrich bestean fan It Frysk Boun om Utens, de oerkoepeljende organisaasje fan de Fryske krite bûten Fryslân.

Utjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch de provinsje Fryslân

<i>Tekst</i>	Hâns Dijk
<i>Yllustraasje</i>	Jan Bijkerk
<i>Foarmjouwing</i>	Jan Bijkerk
<i>Redaksje</i>	Jan Bosgraaf
<i>Einredaksje</i>	Jan Bijkerk

Yn it ramt fan de privacy-wetjouwing hawwe de minsken dy't op de ferskate foto's yn dit boek steane, oanjûn gjin beswier te hawwen tsjin it pleatsen fan de foto's.

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwer en de útjouwer.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

It djippe  
wêzen  
fan de  
Friezen om  
utens

Utjefte by gelegenheid fan  
it 100-jierrich bestean  
fan It Frysk Boun om Utens

Hâns Dijk



# Ynhâld

Oer de skriuwer	9
Foaropwurd	11
Ynlieding	13
Hoe bestiet it!	17
Feroarjende tiden	22
Yndividualisearring	27
Materialisme	31
Globalisearring	38
Warbere (bestjoers)leden	43
Hûnderten, tûzenen kritegearkomsten en -aktiviteiten	46
Tinkboek út 1948	50
It Fryske folk	55
Atlantis	61
It Oera Linda-boek	63
Wier of net wier	68
Romeinen, Franken en ‘De Saks’	70
Fryslân as gewest en provinsje	77
De Fryske krite en de Fryske frijheid	82
De Fryske frijheid yn de midsiuwen	90
De Fryske frijheid as inerlike deugd	93
Wy Friezen knibbelje allinne foar God	100
Karakterisearring fan kriteleden	106
It Frysk is it eigene, it fertroude	115
De identiteit fan de Friezen om utens	125
Jins Fries-wêzen blike litte	128
It djippe wêzen fan ús Fryske krite en de Friezen om utens	131
It grutte geheim	133
Ta beslút	138
Eftergrûnliteratuer	142





## Oer de skriuwer

Dr. Hâns Dijk (1942) waard berne op in boerepleats yn Sibrandahûs, gemeente Dantumadiel. Hy besocht de legere en middelbere skoalle yn Dokkum en folge in oplieding oan de ‘Academie voor Lichamelijke Opvoeding’ yn Grins. Nei de militêre tsjinstplicht studearre hy psychology oan de Ryks Universiteit yn deselde stêd. Hy wurke yn de jeugdsoarch yn ferskillende funksjes en promovearre op de fraach, hoe’t minsken by it tinken oer bepaalde saken ta in miening, in fisy of in konklúzje komme. Hy sette in psychologysk advusburo op foar minsken mei psychyske- en persoanlike problemen.



Hâns Dijk is al jierren foarsitter fan de Fryske krite yn Boadegraven en spile mei yn de toanielploech fan de krite. Hy joech Fryske les oan de Folksuniversiteit yn syn wenplak. Fan 2000 oant 2017 wie hy foarsitter fan It Frysk Boun om Utens en wie ôffeardige nei de Ried fan de Fryske Beweging. By syn ôfskie waard hy beneamd ta earelid fan It Frysk Boun om Utens. Fanwegen syn fertsjinsten foar de Fryske taal en kultuer waard hy beneamd ta lid fan de Fryske Akademy.

Hâns Dijk krige it Alvestêdetocht-brevet útrikt. Twa kear foltôge hy de tocht op redens, ien kear kuijend en 27 kear op 'e fyts. Hy wie yn syn wenplak aktyf yn it ferieningslibben, lid fan de gemeenteried en waard beneamd ta Ridder yn 'e Oarder fan Oranje-Nassau. Hy hat trouw west mei Henny Dijk-Troost, dy't op 24 maaie 2022 ferstoarn is. Sy hawwe fjouwer bern krigen en der binne sân bernsbarn.



## Foaropwurd

It Frysk Boun om Utens, oprjochte op 15 septimber 1923, bestiet dit jier 100 jier. It Frysk Boun om Utens is de oerkoepeljende organisaasje fan de Fryske krite bûten Fryslân. Yn de rin fan dizze 100 jier binne der



krite oprjochte en opheft, guon hawwe hiel koart bestien, mar der binne ek krite dy't al mear as hûndert jier besteane. Yn it boek dat earder troch it Frysk Boun om Utens útjûn is, 'Friezen yn 'e Frjemdte', wurde mear as 200 krite neamd dy't der bestien hawwe.

By gelegenheid fan it 100-jierrich bestean hat it bestjoer besletten om foarlizzend boek út te jaan. It idee fan de ynhâld fan dit boek komt fan ús eardere foarsitter en earelid Hâns Dijk. Dit boek, mei de namme 'It djippe wêzen fan de Friezen om utens', lit syn syktocht sjen nei it funksjonearjen fan It Frysk Boun om Utens en de by it Boun oansletten krite en jout dêr in beskôging oer. De skriuwer freget him ôf hoe't it mooglik is dat al dy krite bûten Fryslân, sawol yn Nederlân as oer de hiele wrâld, safolle jierren funksjonearje koene. Wat sit der efter it feit dat minsken soms tsientallen jierren efter inoar in bestjoersfunksje yn in Fryske krite hiene en it tige drok hiene mei it organisearjen fan kritejûnen, sjongen, dûnsjen, toanielspyljen en foardrachten. Om dat te efterheljen dûkt de skriuwer ûnder oaren yn de skiednis fan Fryslân mei syn Friezen en probearret er, ek út eardere boeken en geskriften, dêr in ferklearring foar te finen.

It hiele boek is in parody, sa't de skriuwer sels seit, mar foaral in oade oan al dy wrotters dy't soarge hawwe dat de hûndert jier helle is.

Fierder is dit boek opfleure mei in hiel soad foto's, dy't foar it grutste part yn de lêste 15 jier makke binne by de gearkomsten fan It Frysk Boun om Utens. Ik hoopje dat jimme dit boek mei in protte nocht lêze sille, sadat jimme begripe wat de driuwfear is fan it kritewurk en It Frysk Boun om Utens.

Foarsitter It Frysk Boun om Utens, Jan Bijkerk.  
2023 - Lelystêd.



## Ynlieding

Dit boek giet oer it wêzen fan ús Fryske krite. Ja, oer it djippe wêzen fan de Friezen om utens. As je efkes de tiid nimme en dêr oer neitinke, dan komme je ta de oertsjûging dat it dochs wol hiel bysûnder is dat It Frysk Boun om Utens as koepelorganisaasje fan de Fryske krite bûten Fryslân, yn 2023 hûndert jier bestiet. En dat yn in tiid wêryn't der yn de maatskippij safolle feroare is en it ferieningslibben sa ûnder druk is kommen te stean. Eins is it ûnbesteanber dat dit jubileum barre kin. Wat is der yn dy 100 jier troch It Frysk Boun om Utens en de oansletten krite allegearre wol net ta stân brocht. Yn alle gefallen is der troch al dy Fryske krite bydroegen oan de skiednis fan it Fryske folk.

Lammert Gosse Jansma, destiids direkteur fan de Fryske Akademy, skriuwt yn syn boek 'Friezen om Utens' (1996): *'Dy Fryske kulturele ferieningen binne in unyk fenomeen en kinne winliken as in stikje Fryslân bûten de provinsje Fryslân opfette wurde'*. Ja, yndied, wat der allegearre realisearre is, is eins mei gjin pinne te beskriuwen. Hoefolle kritejûnen soene der yn dy perioade hâlden wêze? Hoefolle minsken hawwe dy jûnen by al dy krite yn al dy jierren besocht? Hoe faak is it Fryske folksliet songen? Hoefolle bestjoersgearthkomsten hawwe der west? Hoefolle tiid hawwe (bestjoers) leden yn al dy aktiviteiten stutsen? Wat is de motivaasje dy't dêr efter sit? Wat binne de ûnderlizzende driuwfearen by al dy warbere minsken, dy't harren faaks jierren lang ynset hawwe? Wat is it wêzen fan ús Fryske krite? Wat is it djipste



Emigraasje nei Amearika en dêr waard dan in Fryske krite oprjochte.

wêzen fan de Friezen om utens? Dat freegje wy ús yn dit boek ôf. Dit jubileumboek giet net oer de skiednis fan It Frysk Boun om Utens of fan de kriteren, want dy skiednis is al



Fryske krite 'De Frije Fries' yn Café Flora yn Amsterdam.

toanielploech en soms in keatsklup of in lêsklup. Yn alle gefallen is yn 'e rin fan de jierren in ûnbidich protte wurk ferset. En wat foar wurk? It is ferieningswurk, kultureel wurk en mienskipswurk.

beskreaun yn de tsjokke útjefte 'Friezen yn 'e Frjemdte' dy't yn 2011 útkaam is. Nee, de fraach dy't yn dit boek steld wurdt, is de fraach hoe't it dochs mooglik is dat dit yn al dy jierren barre koe. Dat dy kriteren funksjonearje koene en dat yn in tiid fan bygelyks tanimmend(e) yndividualisearring, materialisme en globalisearring, om samar wat te neamen. En dat noch wol oan hjoed-de-dei ta. Dat dit bestean koe en noch kin. Je kamen se oeral yn ús lân en rûnom yn 'e wrâld tsjin. Fan in oantal is allinne mar de namme bekend. Feiten omtrint ûntstean en opheffen binne lang net altyd te efterheljen. Der wiene kriteren mei hûnderten leden en der wiene kriteren mei folle minder. Faak wie der in sjongkoar, in dûnsploech of in

# MEIDIELING

## FRIEZENDEI 1934 !!

Op oanstean fen ûnderskate kanten en for 't gemak fen de Friezendei-bisikers binne dit jier wer LUNCHPAKKETTEN to krijen.

### FOR 40 SINTEN PER PAKKET

Dêrfor kin men sels gjin brea meinimme hwent sa 'n LUNCHPAKKET hâldt yn:

1 broadtsje mei ham.	} alles 1e soart	
1 „ „ tsiis.		
1 luxe krintebroadtsje.		en
1 amandelbroadtsje.		farsk.
fruit.		

Dit moat lykwols foarút bisteld wurde, oars moat men der net op rekkenje det men krije kin.

Dit is maklik to regeljen as de Selskipsbi-stjûren hjar der efkes efter sette. Bistel en bitelje oan de skriuwer fen jimme Selskip, dy 't de bistelling en it jild den opstjûrt oan:

**J. EPPENGA**, Skriuwer „Ut en Thús”.  
Vermeerstraat 57, AMERSFOART



Help mei oan de goede organisatsje fen de dei, soargje bjar yntiids for.

Oprop Friezendei fan it jier 1934 by de krite 'Ut en Thus' fan Amersfoort.





## Hoe bestiet it!

De doelstelling fan dit boek is dus net om de skiednis fan de Fryske krite te beskriuwen of de skiednis fan It Frysk Boun om Utens. It giet der om te efterheljen hoe't it mooglik is dat al dy krite safolle jierren funksjonearje koene en dat der yn dy mear as hûndert jier safolle minsken oan meiwurke hawwe; dat der gearkomsten organisearre waarden mei sjongen, toanielspyljen, dûnsjen, kabaret, lêzingen, foardrachten, ensfh. Hoe bestiet it! Hoe koe it safier komme dat minsken tsientallen jierren yn in bestjoer fan in Fryske krite sieten en it al mar drok hiene mei it organisearjen fan aktiviteiten? Der binne minsken dy't praktysk harren hiele wurksume libben bestjoerslid fan in krite west hawwe en bergen wurk ferset hawwe. It binne lykwols gjin útsûnderingen, want der binne ferskate fan sokke minsken. Mar hoe bestiet it dat soks fol te hâlden wie. Hokker motivaasje stekt hjir efter. Wat binne de djipper lizzende motiven? Wat binne de driuwfearen? Dy fraach stiet sintraal yn dit boek. Miskien kinne ferskes yn it lieteboek 'Fryslân sjongt en spilet' ús op wei helpe. Sa lêze we yn it fjirde kûplet fan it Friezeliet it wurd 'Langstme'.

We sjonge dan:

*'Langstme nei it griene bûntbeblomme lân,  
dêr't de Noardseeweagen spiele oan it strân,  
dêr't de kobben krite skril yn 't stoarmgerûs,  
nei de eigen oarde en myn lêste hûs'.*

In fraach is, oft dizze rigels klopje. Sitte we yn it bestjoer fan in krite omdat we 'langstme' hawwe nei de griene greiden mei de blommen yn de simmer? Hawwe we langstme nei de Noardseeweagen en de seefûgels? Misse we op in ôfstân fan 100 km fan Fryslân it stoarmgerûs? Hawwe dizze foarbylden te meitsjen mei it djippe wêzen fan ús Fryske krite en de Friezen om utens? Stekt hjir dy motivaasje de kop op? En dan 'de eigen oarde en myn lêste hûs', wat bedoelt de dichter dêr presys mei?



Skotsploech 'De Hakketoners' fan krite Apeldoarn (oprjochte 8 desimber 1981).

Jansma en Jelsma (1996) hawwe op dit punt harren twivels. Hja hawwe der ûndersyk nei dien. De útkomsten fan it ûndersyk dat de mannen dien hawwe, stean yn it boek 'Friezen om Utens'. 'Langstme' blykt net direkt de ferklearring te wêzen. Ut harren ûndersyk komt nei foaren dat de Friezen om utens it yn harren wenplak bûten Fryslân hiel goed nei't sin hawwe. Dêrom bliuwt de fraach bestean. Der moat mear efter sitte! Hoe ferrûnen dy hûnderten, ja tûzenen kritejûnen en wêr kaam dy ynspiraasje wei? Hoe koe dat allegearre barre? Wat is de eftergrûn fan dizze skiednis? It binne allegearre fûnemintele fragen mei likefolle antwurden of hielendal gjin antwurden. Dit boek giet mei dizze fragen oan 'e slach en besiket der in antwurd op te jaan.

# „FIER FEN HÛS” - APELDOARN

BUTENGEWOANE GEARKOMSTE  
op Tongersdei 19 Desimber 1929, jouns  
om 8 ûre yn 'e Bordelaise

## Wirklist:

### I. ULRIK

Oarspronkelyk toanielstik yn trije bidriuwen fen P. de Jong

#### PERSOANEN:

REINDER TALSMa	in boer	de hr. Bakker
ANTSJE	Reinder syn twade frou	mefr. Popping
ULRIK	soan fen Reinder en syn earste frou	de hr. Deelstra
ANKE	dochter fen Reinder en Antsje	jiff. Tuinstra
DURK	forloofde fen Anke. Hy is de soan fen it haed fen 'e skoalle en kammerant fen Ulrik. Hja leare beide ta fédokter, mar binne troch de mobilesaasje yn tsjinst rekke. Beide korporael.	de hr. Zeldenrust
AELTSJE	sister fen Durk; Anke' frjeondinne	jiff. Schilstra
BJINSE	fêste arbeider by Talsma	de hr. Popma
SYTS	syn wiif, arbeidet ek by Talsma	jiff. Peterson
AFKE	faem by Talsma	„ J. Kuyck
TINE	Ulrik syn faem	„ G. Kuyck

### II. GLED MEI 'T SPIL OAN

Blijspil yn 1 bidriuw fen T. W. Sytstra Hs.

#### PERSOANEN:

EALSE	widner, rintnier	de hr. Hagedoorn
YTSJE	syn dochter en húshâldster	jiff. G. Kuyck
SIDE	feint fen Ytsje	de hr. Zeldenrust
TSJOMME	âldfeint, frjeon fen Ealse	„ „ Popma
GAETSKE	) wid-	mefr. Popping
HILTSJE	) douwen	jiff. Peterson
TYTSJE	in âldfaem	„ J. Kuyck

### III. SJONGEN fen it SJONGKOAR

: : : EFTERNEI DOUNSJEN : : :  
TAGONGSPRIIS 'N GOUNE. NET SMOKE!

PRINTE BY R. POSTMA - SWOLSKEWEL 58

Utnûging foar in  
bûtengewoane gearkomste  
yn it jier 1929 fan de krite  
'Fier fen Hûs' yn Apeldoarn.



Bestjoer fan it Frysk Selskip Swol by it 35-jierrich bestean yn 1934.